



4 mei 2013

“Vrijheid spreek je af”.

Moai dat jimme hjir mei safolle minsken oanwêzich binne om stil te stean by 4 maaie.

Wy betinke op 4 maaie net allinnich de slachtoffers fan de Twadde Weareldoarloch, mar de slachtoffers fan alle oarloggen dy't fallen binne sûnt it útbrekken fan de Twadde Weareldoarloch. De frijheid dy't wy op 5 maaie fiere meie is universeel.

It tal minsken dat de oarloch noch bewust meimakke hat wurdt hieltiten lytser. Dat betsjut ek dat de tagong ta de ferhalen fan dizze omstanners mei it lytser wurden fan dy groep, hieltiten dreger wurdt. Ferhalen út de earste hân sprekke folle mear oan en meitsje sels tsjinwurdich noch altiten in geweldige yndruk.

It fuortfallen dêrfan fyn ik skande, mar gelukkig docht út ûndersyk bliken dat de jongerein hjoed-de-dei in soad wearde hechtet oan it betinken en it fieren. De belangstelling liket earder ta as ôf te nimmen en de tradysje is dus sterker as dat it ooit west hat. Hjir yn Driezum en Wâlterswâld sille grif ek op syn minst trije generaasjes fertsjinwurdige wêze.

"Vrijheid spreek je af" is dit jier it tema.

Op 5 maaie 1945 hâlde de Twadde Weareldoarloch yn Nederlân op. Net mei in allesbeslissende slach mar troch it setten fan in hantekening oan in tafel. Dit wie yn Hotel de Wereld yn Wageningen. Dêrnei binne der ôfspraken makke, oerienkomsten en ferdragen sluten wêrmei't in Europa-yn-oarloch stadichoan feroare yn in nei-oarlochsk Europa. Frijheid begûn mei ôfspraken op papier. Frijheid krijt stal yn ôfspraken, regels en ferdragen. "Ferdragen fan frijheid" hat in dûbele betsjutting. Yn it foarste plak ferwize de ferdragen nei ôfspraken dy't op papier mei in hantekening besegele binne. Twad tsjut it tiidwurd 'ferdrage' der op dat frijheid letterlik troch minsken ferdroegen, ûndergien wurde moat, omdat hja har oan de makke ôfspraken hâlde moatte.

Frij wêze dogge jo noait allinnich, altiten meiïnoar. En dêr binne ôfspraken foar noadich. Frijheid praat men meiïnoar ôf!

Jûn meie wy stilstean by alle oarlochsslachtoffers, moarn 5 maaie is in momint om stil te stean by de ôfspraken dy't foar ús frijheid ynstean. Om dizze ôfspraken net te ferjitten, is it noadich om se te ûnderhâlden en aktueel te hâlden. In soad ôfspraken oer frijheid binne net mear fuort te tinken út ús bestean. Oarloch binnen Europa liket foar in soad minsken net mear foar te stellen, mar it is noch net iens sa lang lyn dat der in oarloch yn Joegoslavië wie. Wy lykje ferjitten te wêzen dat oarloch iuwenlang in realiteit yn Europa west hat.

De ôfspraken fan 1945 binne binnen twa generaasjes útgroeid ta wearden dy't wy koesterje moatte, lykas frijheid, demokrasy,

boargerskip en rjochtsteat. Om in wrâld te krijen wêryn't oarloch net mear foar te stellen is, sille dizze prinsipes aktueel en levend hâlden wurde moatte. Dêrom is frijheid basearre op ôfspraken dy't ûnderhâlden wurde moatte.

Frijheid praat men meielkoar ôf mar jildt dat ek foar de 'steatleazen'?

Steatleazen dy't gjin ferbliuwsrjocht hawwe, ferkeare yn in nuodlike sitewaasje. Yn it gastlân binne se net wolkom en krekt as by flechtlings biedt it thúslân harren gjin beskêrming. Nei de Twadde Weareldoarloch binne der ferskillende ferdragen ta stân kommen om in werhelling fan saken as folkerenmoard, flechtlingestreamen, minsken sûnder in thúslân en steatloazen yn 'e takomst safolle mooglik foar te kommen. Yn 1950 is it Verdrag van Genève ta stân kommen, wy kinne it better as it Vluchtelingenverdrag. De United Nations High Commissioner for Refugees, de UNCHR, hat it tafersjoch op de útfiering fan dit ferdrach. Toch binne der wrâldwiid rûchwei in 12 miljoen steatleazen en wat betsjut foar harren hjoed-de-dei "Vrijheid spreek je af"?

Ik wol jimme efkes meinimme nei in koart ferhaal oer Boni, en dan giet it net oer dy bekende fuotballer fan Vitesse, dy kin himsels skoan rêde, mar oer in Boni dy't steatleas is.

Boni kwam op zijn 15^e vanuit Benin naar Nederland. Hij werd tijdelijk opgevangen in een pleeggezin en ging naar school totdat hij 18 jaar werd. Toen hij meerderjarig was geworden, moest hij net als veel andere alleenstaande asielzoekers, Nederland verlaten. Maar Boni bleef en werd zodoende een illegaal; hij had immers geen rechtmatig verblijf. De vreemdelingenpolitie pakte hem verschillende malen op en hield hem in vreemdelingenbewaring, maar het lukte niet om Boni uit te zetten. De autoriteiten van Benin erkenden hem niet als onderdaan. Boni werd het leven als illegaal beu en ging zelf naar de ambassade van Benin in Brussel om papieren voor zijn

terugkeer te verkrijgen. Ook dat mocht niet baten. Boni was staatloos en hij was nergens welkom. Hij had geen recht op huisvesting, mocht niet werken en ook geen uitkering aanvragen. Ruim 10 jaar na zijn binnenkomst woont Boni nog steeds in Nederland: illegaal en staatloos. Hij heeft wel goed opgelet op school en leert nu andere vreemdelingen Nederlands.

Hjoed 4 maaie is in dei om al dizze fassetten yn jin omgean te litten. It heden en it ferline. Yn it heden, want hjoed-de-dei is der noch altiten oarloch yn `e wrâld, wy tinke oan `e slachtoffers dy't falle yn Syrië. Yn it ferline, dêrby tinke wy oan de slachtoffers út Driezum en Wâlterswâld dy't fallen binne as gefolch fan oarloch en striid.

Ik neam de nammen nochris fan:

Anne Haakma – Gaele Postma – Jan Dantuma – Jan Dijkstra – Jacob van der Meulen

Harren nammen steane foar altiten op `e balstiennen oan `e foet fan it Monumint Hoeder fan `e Frede,

en is it tafal dat myn taspraak perfekt oanslút op dy moaie wurden op dit monumint:

Frede, net inkeld wûn út it ferline, mar ek as opdracht foar no en yn de takomst

Lit ik ôfslute mei in konstatering en in ôfspraak:

Vrijheid is een groot goed, vrijheid dat spreek je af.